



# BÛTEN GEBRÛK

(Out Of Order)

In klucht yn twa bedriuwen

fan

**RAY COONEY**

**Fryske oersetting**

**Anneke Burgy**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BÛTEN GEBRÛK - OUT OF ORDER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **RAY COONEY** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Diktus Westerterp - steatssekretaris.

Rixt Westerterp - frou fan Diktus

Joke Beuker - sekretaresse fan de opposysjelieder

Wimer - Joke har man.

Hobbe Twerda - kabinetssjef fan Diktus Westerterp.

Regina - ferpleechster.

De hotel-manager

De kelner

It keamerfamke

It lyk

It stik spilet yn suite 648 fan it Kurhaus hotel yn Skeveningen, sawat healwei njoggenen jûns.

## **TOANIEL:**

De suite is modern ynriochte en wurdt rjochts dominearre troch in grut skorút. Rjochtsfoar is in doar nei de sliepkeamer ta. Links is in kastdoar en midden achter de doar nei de gong ta. As de doar nei de gong iepen stiet kin men de doar fan suite 650 sjen. As it skorút iepen is kin men op it balkon stappe.

It balkon hat útsjoch oer see en strân en rint om it hiele hotel hinne. Links stiet in divan as in bank en rjochtsfoar in fauteuil mei taffeltsje.

## EARSTE BEDRIUW

*(as it doek iepen giet is it ljocht op en de gerdinen binne ticht. Diktus Westerterp bellet mei syn mobyl. Hy sjocht ûngeduldich op syn horloazje. Syn dokuminten-kofferke stiet op 'e divan)*

**DIKTUS:** Ah...leave...Ja, ik ha dy krekt yncheckt. Deselde suite as altyd, seishûndert-achten-fjirtich, ja! seis-fjouwer-acht. Alles goed fierder? Moai... Ik woe wol datst hjir no al wiest, mar de gearkomste duorret de hiele nacht, dus soenen wy inoar toch net sjen...No ja, de minister presidint rekkenet hielendal op my...it is better dat ik mar ophingje, famke, it is healwei njoggenen en it debat kin elk momint begjinne. Ja... ôfpraat. Krûp mar lekker betiid op bêd mei in boek fan Rink. Ik moat no fuort... no goeie, oant moarntemiddei. *(der wurdt op 'e doar kloppe. Noch yn 'e telefoan)* Ooo... wachtsje... der wurdt kloppe. *(ropt)* Wa is dêr?

**MANAGER:** *(achter)* De hotel-manager.

**DIKTUS:** *(docht de doar iepen. Tsjin de manager)* Momintsje, ik kom sa. *(yn de telefoan)* Ik moat no ôfbrekke, skattebekje... oars begjint it debat foardat ik der bin. *(de manager komt der yn)*

**MANAGER:** Jûn, mynhear Westerterp. *(Diktus stekt syn hân omheech om him ôf te stopjen)* Nim my net kwea ôf, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** *(oan 'e telefoan)* Wat seist? It is de hotel-manager...*(tsjin de manager)* Ik moat jo de groeten dwaan fan mefrou Westerterp.

**MANAGER:** Hiel freonlik. Wolle jo har de groeten werom dwaan!

**DIKTUS:** *(yn de telefoan)* Do moatst de groeten werom ha fan de manager...*(tsjin de manager)* Hiel leuk, seit mefrou Westerterp.

**MANAGER:** Hiel freonlik.

**DIKTUS:** *(yn de telefoan)* Ik moat no opstappe leave pop, mar gau op bêd mei in moai boek fan Rink. *(de manager lûkt oan syn wynbrauwen)* No goeie... pop... dream mar lekker. *(Diktus leit syn mobyl fuort en pakt syn kofferke. Under it petear mei de manager hellet er de papieren út it kofferke en lêst hastich)*

**MANAGER:** Ik hoopje dat alles jo nei't sin is, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** Ja, hear...alles okee.

**MANAGER:** Wy ha de suite krekt wer op 'e nij behongen.

**DIKTUS:** De earste tweintich jier sitte der op fansels.

**MANAGER:** *(stekt syn fingerke omheech)* Mynhear Westerterp!

**DIKTUS:** As jo it sanitêr mar net ferfange. It op gong kommen moarns fan de sintrale ferwaarming makket my altyd wakker... dêr ha ik mear betrouwen yn as yn jimme digitale wakker... *(de kelner komt der yn mei de koffer mei bagaazje fan Diktus)* Ah... tank je. *(jout de kelner*

*in euro. De kelner lit de koffer sa út 'e hannen falle en giet sûnder wat te sizzen ôf)* Dy is ek oan in nij behankje ta...

**MANAGER:** Moatte jo moarnier ek roppen wurde, mynhear Westerterp?

**DIKTUS:** Ja, mar net sa betiid nei dy nacht-gearkomste... njoggen oere is goed.

**MANAGER:** Dan lit ik de ferwaarming krekt njoggen oere oansette.

**DIKTUS:** *(triuwt de papieren yn syn kofferke)* Ik leau dat ik alles by my ha foar dat debat.

**MANAGER:** Sille jo wer ien fan jo ferneamde taspraken hâlde?

**DIKTUS:** Allinnich as de opposysje my dwers sit. *(knikt nei de doar)* Gean jo gong.

**MANAGER:** Sil ik de lift foar jo fêsthâlde, mynhear Westerterp?

**DIKTUS:** Nee, ik brûk altyd de trep... goed foar de lijn.

**MANAGER:** Ja, krekt. *(slacht himsels op it liif en giet ôf. Hy lit de gongsdoar iepenstean. Diktus giet nei de gongsdoar ta, sjocht de manager achternei, smyt syn kofferke op 'e divan en docht de sliepkeamersdoar iepen)*

**DIKTUS:** De kust is feilich, frou Beuker!

**JOKE:** *(komt út de sliepkeamer wei op. Se hat in jurk oan en de skuon yn 'e hannen)* Dy manager komt toch net de hiele jûn opdraven, sille wy hoopje?

**DIKTUS:** *(wol har by de hannen krije, mar grypt har skuon)* Fansels net...Wêrom hast dyn jurk noch oan?

**JOKE:** Ik hie 't fierstente drok mei lústerfinkje spyljen.

**DIKTUS:** No, opsjitte faam... pop fan my... *(Joke giet de sliepkeamer wer yn. Diktus hat noch altyd har skuon yn 'e hannen. Hy set se op 'e stoel en sjocht stikem troch de doar yn 'e sliepkeamer. Hy ropt)* Moat ik dy even helpe mei de rits?

**JOKE:** *(achter)* Nee...

**DIKTUS:** O nee? *(besiket de sliepkeamer yn te slûpen)*

**JOKE:** *(achter)* Der út! *(se smyt har jurk troch de doar. Diktus heint de jurk op, hy gljurket noch even troch de doar yn 'e sliepkeamer)*

**DIKTUS:** Oei! *(hy pakt syn mobyl en tikket in nûmer yn. Hat ûnderweis de jurk op 'e divan smiten)* Mei it Binnenhôm? Mei steatssekretaris Westerterp... wolle jo my trochferbine mei myn kabinets-sjef... Ah...Hobbe, mei Westerterp...wêr't ik bin op 't stuit?... dat makket neat út...hoe ferrint it debat?...*(yrritearre)* Ooh.. soa! Harkje ...ik wol net steurd wurde, útsein rampen fansels....nee, Hobbe! Litte wy it dan sa sizze, as de minister presidint seit: " wêr is dy idioat fan in Westerterp", kinst my belje! Nee ik bin net thús en belje dêr ek net hinne! Ik ha hjir nûmer sân-ien-acht-trije-njoggen-sân-acht...Nee, it

is gjin hotel... it is de lêseal fan it Gemeente-museum. Freegje mar net mear, Hobbe...Do bist myn kabinetssjef, doch wat fan dy frege wurdt! (*hâld op fan beljen, rint op de radio ta en siket in bypassend muzykje. Stim út de radio;*) “De minister fan finânsjes hat hjoed op in gearkomste fan wurkjouwers sein, dat hy tinkt dat de ynflaasje yn maart wol sakje sil ûnder de trije persint”.

**DIKTUS:** Grut liichbist! (*siket fierder en fynt in militêre mars. Joke komt út de sliepkeamer wei op yn in loftich gefal*)

**JOKE:** (*wiist op de radio*) Ik leau dat dit it ferkearde tempo is, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** (*Diktus draait him om en docht seksy*) Do sjochst der alderleafst út.

**JOKE:** Tankje, mynhear de steatssekretaris.

**DIKTUS:** (*Diktus draait de radio út en rint op har ta*) Leave...(*hy wol har omearmje, mar sy hâldt him tsjin*)

**JOKE:** Witte jo wol dat dit in ûndogensk gefoel opropt, mynhear Westerterp!?

**DIKTUS:** Dat moat ek ferdoarje, it is ûndogensk! Hast der neat op tsjin dat ik ek wat noflikers oansjit? (*Diktus pakt syn koffer en giet de sliepkeamer yn*)

**JOKE:** (*ropt*) Ik bedoel, jo binne in steatssekretaris en ik in sekretaresse... (*Diktus komt út de sliepkeamer wei op wylst er syn jaske útlûkt*)

**DIKTUS:** O sa demokratysk. Hielendal as de minister- presidint myn baas is en de lieder fan de opposysje dyn baas. (*Diktus giet de sliepkeamer wer yn*)

**JOKE:** (*laket en ropt*) Myn baas soe tsjin de souder oansitte as er dit wist...

**DIKTUS:** (*komt op wylst er syn keamerjas oanlûkt*) Myn baas soe der trochhinne sjitte. (*tutet Joke*)

**JOKE:** Ik wol hjir gjin gewoante fan meitsje, hear.

**DIKTUS:** Do hast gelyk, famke... ik ek net. (*tutet har wer*)

**JOKE:** Net dwaan...

**DIKTUS:** Joke!

**JOKE:** Jo soene de grapkes es hearre moatte dy't de sekretaressen oer jo meitsje.

**DIKTUS:** (*sjocht dêr fan op*) Oer my?

**JOKE:** Ja, oer jo. Mei sokke grapkes krije jo wol in minne namme... nim dat mar fan my oan.

**DIKTUS:** Ferdoarje. (*Joke laket en giet op 'e divan sitten*)

**JOKE:** Ik pleagje allinnich mar wat...

**Diktus.** Mienst dat?

**JOKE:** (*pleagjend*) Hâlde jo der net fan in bytsje pleage te wurden, mynhear Westerterp?

**DIKTUS:** It is mar krekt watst ûnder pleagjen ferstiest. En hâld no mar es op my hieltyd mynhear Westerterp te neamen. (*giet neist Joke sitten*)

**JOKE:** Ik ha jo altyd sa neamd.

**DIKTUS:** Soest my net Dikky neame wolle?

**JOKE:** (*gychelet*) Nee, dat kin ik net.

**DIKTUS:** Alle freonen neame my Dikky.

**JOKE:** Nee, dat doch ik net, hear. Net nei al dy grappen dy't ik oer jo heard ha. Ik sil dy Diktus neame.

**DIKTUS:** Ut dyn mûle heart dat geweldich. Kom, ik ha in flesse sjampanje kâld stean.

**JOKE:** Hearlik.

**DIKTUS:** En wat kaviaar.

**JOKE:** Hearlik.

**DIKTUS:** En trije dozyn oesters.

**JOKE:** Oesters! Dy wurkje allinnich mar by manlju, ha ik wol heard.

**DIKTUS:** Dat sille wy dan mar hoopje, se binne ferrekte djoer. Hoe let moatst thús wêze yn...eh... wêr wie 't ek al wer?

**JOKE:** Gjinn panyk, ik kin de hiele nacht bliuwe.

**DIKTUS:** (*fleurich*) De hiele nacht! Wat hast dyn man ferteld?

**JOKE:** Ik bin op 't stuit op besite by tante Wyts yn Delft. (*Joke drukt op it knopke fan de radio en de muzyk fan " Love and marriage " hearre wy*)

**DIKTUS:** (*sjocht it alhiel sitten*) Tante Wyts yn Delft?!

**JOKE:** (*docht as begruttet it har*) Se hat wer lêst fan brongitis.

**DIKTUS:** Earne tante Wyts ...

**JOKE:** En tante hat gjin telefoan en ik ha myn mobyltsje goed yn't sicht thús lizze litten...

**DIKTUS:** Dyn man kin dy net belje om te hearren hoe't it mei dy giet?! Prachtich!! (*besiket har te tútsjen, dan begjint Sinatra " Love and marriage " te sjongen*) Der moat toch wol wat betters te finen wêze as dit? (*begjint oan de radio te draaien*)

**JOKE:** It is in prachtige jûn... sil ik de gerdinen iepen dwaan? (*se giet op it finster ta*)

**DIKTUS:** Ja! It stiet my by datst dêr in prachtich útsjoch hast oer see.

**JOKE:** (*lûkt oan in koarde om de gerdinen iepen te dwaan. As it gerdyn iepen giet wurdt in lichem sichtber fan in man mei in reinjas oan. It finster is him op 'e nekke fallen. Syn holle, skouder en earmen hingje yn 'e keamer, mar it oare diel fan it lichem is bûten op it balkon. Joke docht in stap nei achteren om nei see te sjen en sjocht dan it lyk. Se*)

*seit neat, slacht de hân foar de mûle en docht noch in stap werom. Dan draait se har om en seit) Oôôôh...!!*

**DIKTUS:** *(noch dwaande mei de radio) En?... kinst it hiele strân oersjen?*

**JOKE:** *(besiket kalm te bliuwen) Mynhear Westerterp...*

**DIKTUS:** " Dikky "!!

**JOKE:** Ik fiel my net goed! *(der is sêfte muzyk te hearren)*

**DIKTUS:** *(giet op har ta) Hichtefrees?*

**JOKE:** *(grypt Diktus beet) Oooh..dit is net bêst....*

**DIKTUS:** Ja, seis ferdjippingen is heech!

**JOKE:** Mynhear Westerterp!

**DIKTUS:** *(steckt warskôgjend fingerke omheech) Dikky!*

**JOKE:** Dikky! *(se rint Diktus foarby)*

**DIKTUS:** *(giet nei' t finster ta) Do moastst gewoan net nei ûnderen sjen, leave. Gewoan rjocht foarút sjen. (Hy sjocht no it lyk) Allemachtich!...(rint nei it lyk om it gesicht te sjen. Hy draait him om nei Joke ta) Ik leau dat wy it wol sûnder muzyk ôfkinne...(Joke draait de radio út. Se rint op Diktus ta dy 't de pols fielt fan it slachtoffer) It finster moat op syn nekke fallen wêze.*

**JOKE:** Oooh... mynhear Westerterp ...

**DIKTUS:** Ik fiel gjin polsslach.

**JOKE:** Is er dea?

**DIKTUS:** *(droech) Ja, dat is meastal sa as je gjin pols fiele...*

**JOKE:** *(Joke giet ek op knibbels neist Diktus sitten) Hoe lang soe er hjir al lizze?*

**DIKTUS:** *(nonsjalant) Ik soe 't net witte. De gerdinen wiene ticht doe't ik der ynkaam en ik bin hjir sa'n minut as tsien.*

**JOKE:** Is er noch waarm? *(Diktus komt oerein)*

**DIKTUS:** Ja, hy is noch waarm!

**JOKE:** *(komt oerein) Wat liket it raar!*

**DIKTUS:** Dat is nochal logysk, hy is dea!

**JOKE:** Earme man.

**DIKTUS:** Earme man? Wer sa'n ynbrekker, fansels.

**JOKE:** O ja?

**DIKTUS:** It is yn alle gefallen net de kelner dy't de oesters bringe soe. Fierder binne wy hjir seis ferdjippingen heech, fansels is it in ynbrekker.

**JOKE:** En net ien fan de gasten?

**DIKTUS:** Joke, wat makket it no út wa't it is. Hy hat besocht der yn te kommen. Op d'ien as d'oare wize is er op ús balkon klommen. *(hy sjocht nei bûten)* It balkon rint hielendal om it hotel hinne...hy hat it finster forsearre...*(makket maneuvres)..bang!*

**JOKE:** Soe dat skorút net goed fêst sitten ha?

**DIKTUS:** Yn alle gefallen sil er it hotel gjin proses oan dwaan, tink ik.  
(*Diktus lûkt oan de koarde om it gerdyn ticht te lûken. Joke pakt it mobyltsje*)

**JOKE:** Wy moatte de plysje warskôgje.

**DIKTUS:** Plysje?

**JOKE:** Ja, foar him.

**DIKTUS:** Net de plysje belje! (*grypt har de mobyl út hannen*)

**JOKE:** Dat moat, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** Wat ferklearring soesto dan jaan wolle oer ús? Beide yn in keamer fan it Kurhaus. Op dit stuit soe 'k oanwêzich wêze moatte by in nacht-gearkomste fan it parlemint!

**JOKE:** Mar mynhear Westerterp... hy is dea!

**DIKTUS:** Dêr sil de plysje ek net folle oan feroarje kinne. (*realisearret him no pas de konsekwinsjes*) Godskes! As de minister-presidint hjir achter komt... Noch sa'n skandaaltsje en wy wurde roastere troch de opposysje.

**JOKE:** Mar kinst net krekt dwaan as soe der gjin lyk wêze! Ast bang bist foar de plysje, belje dan de manager.

**DIKTUS:** Dat makket neat út. Sjoch Joke, ik tink oan dy!

**JOKE:** Wy moatte it wol oan ien fertelle.

**DIKTUS:** Do hast gelyk, ik sil Hobbe belje. (*pakt syn mobyl*)

**JOKE:** Twerda?

**DIKTUS:** (*is al dwaande*) Ja.

**JOKE:** Wat kin sa'n kabinets-sjef no dwaan?

**DIKTUS:** Alle opdrachten dy't ik him jou sil er útfiere moatte. (*yn de telefoan*)Steatssekretaris Westerterp hjirre.... Wolle jo my trochferbine mei myn kabinets-sjef. Hobbe, kom daliks hjirhinne! Lit dat debat mar waaie, kom hjirre...Nee, net it Gemeentemuseum... nei it Kurhaus... Ja ja, lit mar. Do kinst hjir mei tsien minuten wol wêze. Suite seis-fjouwer-acht en fertel oan gjin mins wê'tst hinne giest. Wat meinimme? Ja, dyn ferstân Hobbe, dyn ferstân! (*smyt it mobyltsje op de bank. Der wurdt op 'e doar kloppe, beide skrikke. Diktus ropt sjongerich*) Wa is dêr?

**KELNER:** (*achter*) Room-service.

**DIKTUS:** Ik bin dwaande.

**JOKE:** Jo ha sjampanje, kaviaar en oesters besteld.

**DIKTUS:** Wit ik!

**KELNER:** Room-service, seis-fjouwer-acht!

**DIKTUS:** Donderje op!

**KELNER:** (*kloppet no hurder op 'e doar*) Room-service, seis-fjouwer- acht!!

**DIKTUS:** Yn de goedichheid, wy krije it hiele hotel oer ús hinne! Kom, gau de sliepkeamer yn!

**JOKE:** Mar mynhear Westerterp... *(Diktus triuwt Joke de sliepkeamer yn. Der wurdt wer kloppe. Diktus sjocht de skuon fan Joke op 'e stoel lizzen en smyt se ek de sliepkeamer yn. Hy docht de sliepkeamersdoar ticht)*

**KELNER:** *(achter)* Room-service, seis-fjouwer-acht!

**DIKTUS:** Ik kom... ik kom! *(Diktus sjocht noch even om him hinne oft it lyk ek te sjen is en docht dêrnei de doar iepen. De kelner komt der yn mei in servearweintsje en sjocht wat frjemd om him hinne)*

**KELNER:** As it de bedoeling wie dat ik dit guod waarm optsjinje soe, hie it no wol kâld west.

**DIKTUS:** Lit hjir mar stean. *(de kelner triuwt it weintsje de keamer yn. Diktus kriget de jurk fan de bank en rint op de sliepkeamersdoar ta)*

**KELNER:** Ho... jo moatte noch tekenje, mynhear!

**DIKTUS:** *(bliuwt stilstean)* Is goed, jou mar. *(de kelner siket om de bon yn de bûsen, mar fynt neat)*

**KELNER:** Nuver, ik bin der wis fan dat ik 'm hie.

**DIKTUS:** Lit mar! *(de telefoan giet, de kelner wiist nei de telefoan. Diktus pakt syn mobyl en seit freonlik)* Jaaaa? *(noch freonliker)* Oh...wat kin ik foar de manager fan dit prachtige hotel dwaan? *(ûnder it praten hat de kelner de rekken fûn yn syn bûse. Hy jout de rekken oan Diktus om te tekenjen. Diktus hat de mobyl yn de iene hân en de jurk yn de oare, dus jout er sûnder erch de jurk oan de kelner, oars kin er net tekenje. Diktus sil krekt tekenje as er opsjocht. Hy is oan de telefoan op syn iepenst)* Wát sjoen? In ynbrekker? Yn ús...eh..*(Diktus sjocht nei de gardinen, de kelner sjocht ek dy kant út)* Nee, nee...gjinn sprake fan, dat moat in oar balkon west ha. Nee, hielendal net nedich om hjir hinne te kommen. Ik sjoch tochs sels wol dat der net ien is. *(de kelner draait him om, sjocht nei de gardinen en rint dan hiel stadich op de gardinen ta)* Ik stean op 'e sprong om nei 't Binnenhûf te gean...Nee, it is net nedich hjirhinne te kommen...Dat moat in misferstân wêze...'t Is fêst it balkon fan in oarenien...Nee, asjeblyft. *(tsjin de kelner)* Soademiterje op man! *(yn de telefoan)* Nee, jo net...hallo...hallo...*(de manager is der net mear. Hy draait him om en sjocht de kelner op it finster ta slûpen . Ropt)* Hééé...!!

**KELNER:** *(springt wol in meter omheech)* Aahh!!

**DIKTUS:** Wêr is dy bon? *(Diktus tekenet de bon en triuwt dan de kelner rjochting de doar)* Tankje! *(de kelner stiet wat te wachtsjen en hâldt de hân op. Diktus hellel syn knip út 'e kontbûse en jout de kelner in briefke fan tweintich en triuwt him dan de doar út. Beide ha net troch dat de kelner de jurk noch yn 'e hân hat)*

**KELNER:** (*ûnder de yndruk*) Dank je wol! (*ôf*)

**DIKTUS:** (*smyt de doar ticht en stoot op it finster ta. Hy lûkt oan de koarde, it gerdyn giet iepen. It lyk leit noch op itselde plak. Diktus sjocht om hin hinne, dan docht er de kastdoar iepen. Oan de binnenkant doar sit in heak en yn de kast sit in rail mei kapstokjes. Hy skoot it finster iepen en lûkt it lyk de keamer yn. It is in man fan sa'n fyftich jier. Diktus hâldt it lyk sa dat de gesichten tsjin inoar oer komme. Dan komt Joke út de sliepkeamer wei op. Se hat in tas by har en fierder allinne mar in b.h. en slipke oan*)

**JOKE:** Ho es even... jo ha myn...(se sjocht Diktus mei it lyk omtôgjen)

**DIKTUS:** (*skrikt, springt omheech en raast*) Aaahh!

**JOKE:** (*mei ôfgriis*) Wat dogge jo no, mynhear Westerterp?

**DIKTUS:** (*tusken de tosken*) Ik lear him de tango! Wat tochten jo oars dat ik die, frou Beuker? (*it finster falt mei in klap ticht. Joke en Diktus reagearre beide*) AAhh....!! Oei, no witte wy hoe't it gebeurd is. (*Diktus sleept it lyk nei de kast ta*)

**JOKE:** Jo kinne him dêr net yn stopje, mynhear Westerterp!

**DIKTUS:** Foar dizze fint makket it neat mear út wêr en troch wa't hy foar it ljocht komt! As Hobbe der is, sykje wy it wol fierder út.

**JOKE:** Mar dat kin toch net, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** Wis wol, hy hâldt it dêr wol even út (*ûnder dit praten hinget er it lyk oan de heak fan de doar. Joke sjocht der mei ôfgriis nei. Diktus docht de kastdoar ticht*) En no as de bliksem nei Delft...(ynienen stil) Wêrom hasto gjin jurk oan?

**JOKE:** Dy leit hjir yn 'e keamer.

**DIKTUS:** Wolnee, dy ha ik yn 'e sliepkeamer smiten.

**JOKE:** Do hast allinnich myn skuon yn 'e sliepkeamer smiten.

**DIKTUS:** Ik ha dyn jurk...(sjocht om him hinne)..oan 'e kelner mejûn!

**JOKE:** De kelner? (*der wurdt op 'e doar kloppe, se sjogge inoar oan*)

**DIKTUS:** (*ropt*) Wa is dêr?

**MANAGER:**(*achter*) De manager.

**DIKTUS:** (*tsjin Joke*) Toe gau! (*begjint Joke nei de sliepkeamer ta te triuwen*)

**JOKE:** (*systeret*) Mynhear Westerterp, wat dogge jo no wer!

**DIKTUS:** Ssssht! Huplakee, de sliepkeamer yn do!

**JOKE:** Mar myn jurk? (*Diktus triuwt har fierder de sliepkeamer yn*)

**MANAGER:**(*achter*) Mynhear Westerterp!

**DIKTUS:** Ik kom! (*It sjit him ynienen yn 't sin dat er de keamerjas noch oan hat. Hy docht de sliepkeamersdoar iepen en ropt*) Myn jaske... gau!! (*Joke jout him it jaske en giet dan wer de sliepkeamer yn. Wylst se de doar tichtlûkt, docht Diktus hastich it jaske oan, mar oer de keamerjas hinne*)

**MANAGER:** *(achter)* Mynhear Westerterp!

**DIKTUS:** Ik kom!! *(as Diktus op de gongsdoar ta rint, giet de kastdoar iepen en hinget it lyk foar 't sicht)* Oohhh...sjoch no es!! *(Diktus stoot op 'e kast ta en docht de kastdoar ticht)*

**MANAGER:** *(achter)* Mynhear Westerterp!!

**DIKTUS:** Ik kom!! *(docht syn jaske ticht en docht de gongsdoar iepen. De manager stoot der yn en slacht de doar achter him ticht)* Sorry!

**MANAGER:** Dit is in rare boel. *(ynienen stil as er sjocht hoe't Diktus der by rint)*

**DIKTUS:** Ik moat no wier nei dat debat...*(sjocht dat de manager nei him sjocht)* Och wat stom...*(hy laket wat ûnnoazel as er yn de gaten kriget hoe't er der by rint)*

**MANAGER:** Dat is wol belangryk, mynhear Westerterp. *(de manager giet op it finster ta, docht it iepen, sjocht nei bûten en lûkt syn holle werom as er neat sjocht. Diktus lûkt de manager de keamer wer yn. Under it praten lûkt Diktus de keamerjas út en syn jaske wer oan)*

**DIKTUS:** It spyt my dat ik jo net better helpe kin. It is hjir oant no ta hiel rêstich west.

**MANAGER:** De gast út de keamer hjir neist sei dat hy in man sjoen hat dy't foar dit finster op knibbels lei.

**DIKTUS:** Dat moat in fersin wêze.

**MANAGER:** Nee, nee, it wie dit balkon. Suite 648. Se sei dat se dy man wol tsien minuten yn 'e gaten holden hat. Hy lei hiel stil op 'e knibbels en loerde hjir de keamer yn.

**DIKTUS:** No, moai is it! Mar jo ha it sels sjoen, der is net ien, dus mar gau ferjitte soe ik sizze.

**MANAGER:** Neffens my is 't in gljurker as in ynbrekker. Ik sil toch noch mar even yn de sliepkeamer sjen.

**Diktus.:** Sliepkeamer?

**MANAGER:** It balkon rint dêr ek lâns, it kin gjin kwea dêr ek even te sjen. *(dan falt it finster mei in klap ticht. Diktus stoot oerein en grypt de manager beet)* Ik sil de ûnderhâldstsjinst stjoere... momint graach. *(as de manager op de sliepkeamer ta rint, docht Diktus gau de doar fan de sliepkeamer iepen)*

**DIKTUS:** Lit my it mar dwaan.

**MANAGER:** Ik stean der op dat ik it doch, mynhear Westerterp.

**DIKTUS:** Sa as jo wolle... *(ropt spesjaal foar Joke)* It is in poerbêst idee dat de manager sels it finster yn de sliepkeamer kontrolearje wol. *(laket blier nei de manager)*

**MANAGER:** *(sjocht wat frjemd)* Tige tank ...*(wol om Diktus hinne rinne, mar Diktus hâldt him tsjin)*

**DIKTUS:** Ik lit de manager it balkon fan de sliepkeamer kontrolearje!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**